

„SE SIZZE wolris: hoechstou noait in jas oan? Dan siz ik: Wolné, ik bin yn in strenge winter berne.” Die strenge winter was die van 1891. Het zou best eens kunnen zijn, dat de nu 84-jarige Rienk Woudwijk uit Brantgum daarom nog zo kras is: hij bewerkt niet alleen 2 are bouwgrond, die hij overigens binnenkort wil verkopen, maar ook twee tuinen. Of het nu van de kou kwam, dat weet hij niet, maar hij huilde in de eerste maanden van zijn leven 's nachts erg veel. Zo veel zelfs, dat buurman, die tegelijkertijd huisbaas van zijn ouders was, er over kwam klagen. „Ik hie nachts altyd de bek op,” zegt hij. „Dat is nou krekt oarsom: ik jow my nachts maklik del en ha oerdeis de bek op.”

Dat laatste moet evenwel niet al te letterlijk worden opgevat. Rienk Woudwijk staat er in Brantgum om bekend, dat hij een smoute verteller is, die zijn toehoorders urenlang aangenaam bezig kan houden met zijn verhalen over de tijd, dat hij bij de boer werkte, de vele jaren, dat hij propaganda maakte voor de socialistische beweging, en zijn belevenissen in de mobilisatietijd van '14-'18.

„It wie in greate earmoed, dat sil ik jo fortelle. Heit wie los wurkman. Wy wienen mei syn seizen yn 'e hûs. By't winter kaem heit mei trije gounne thús en by't simmer mei fjirdeheal. Hy wurke by in boer yn Burgum. Mem wie skroarske. Se fortsjinne mei naeiwurk sawn stúren deis. Wy moasten it fan de lytse bytsjes ha.”

„Wy hienen as bern in soad luzen op de kop, fan de earmoed. Mem kjimme se út ús hier. Fan de kaem foelen se dan yn in túchblikje, en wy dan mar dy bisten knippe mei de neilen. De fellen fan de luzen hongen ús by de fingers del. Mar it wie moai wurk.”

Rienk Woudwijk is maar tot zijn negende jaar naar school geweest. Ook op het schoolplein waren de tegenstellingen tussen boeren- en arbeiderskinderen scherp. „De dochter fan de dûmny en de dochter fan in boer krigen altyd appels mei nei skoalle. Dy famkes skylden dan de appels op it skoalplein. En dan leinen wy op ús knibbels oan harren fuotten to biddeljen om de skilen. Mar dûmny wie net in minnen-ien, near. Soms brocht hy in púde appels foar ús yn skoalle.”

● Boartsje

„Tsjintwurdich wite de bern net mear hwat boartsjen is. Se sitte mar foar de tillevyzje. Hwat hienen wy net in spultsjes. Fan alles hwat: prauze, tipelje, hurdhoekje, knikkertsjepikke, kopkekletse, printsjestekke en bikkelje. Mar nou, de bern boartsje net mear.”

„Mei njoggen jier bin ik oan it wurk rekke: yn Medwerd tusken Holwerd en Blija. Dêr waard doe krekt de spoarlijn nei Dokkum oanlein. Wy leinen dêr beammen yn de gatten. Ik fortsjinne deis sawn stúren. As wy dan de sinten krigen, dan hold de man dy't ús bitelle, se sa stiif yn 'e hân, dat se hielendal waerm wiene. Sa bang wie er dat er se kwyt rekke.”

Toen hij elf of twaalf was kwam hij bij de boer: bij Douwe Terpstra in Brantgum. „Dêr ha ik nochal hwat jieren west. De kost wie reuze. Hendrik Ypma, de oare feint — hy is in neef fan myn frou — en ik, wy sliepten yn it bûthûs. Wy hienen de hynders foar it bêd, en de ratten rounen ús oer de kop hinne. Ik woe wol fan it bêd ôfstouwe. Mar Hendrik pakte se altyd en dan knypte er se sa, dan stoude ik noch hurder.”

„Doe't ik sawntjin wie, bistelde heit my foar 175 gounne by in oare boer. Hy hie in dochter yn 'e hûs, en hy wie bang, dat ik der mei dat fanke fantroch gean soe. Ik leau dat se dêr in bytsje spoekseagen, hwant ik hie se dochts net nawwe wollen. Se moast mei Sanatogen yn it libben holden wurde.” Toen het op uitbetalen aankwam, kreeg Rienk Woudwijk maar honderd daalders.

● *Duitsland*

Hij keerde toen de boeren in zijn geboortestreek de rug toe en vertrok naar Duitsland. „Op de heawein nei Feanwâlden en doe mei de trein nei Essen ta. Ik seach my de eagen út de holle. Ik kaem der by in Vermittler tolânne en dy brocht my oan de man.” Hij kreeg de eerste de beste dag al met de politie te maken. Dat kwam zo: „Doe't ik nachts op bêd lei, moast ik opiens pisje. Mar ik koe de pisbak net fine. Doe ha ik it mar út it raem dien. Mar ik moat dy nachts ien op de kop miigd ha, hwant de oare deis kaem de polysje. Mar ik hie wol faker liigd. Dat dêr bin ik moai foar weisprongen.” Tot zijn diensttijd heeft Rienk Woudwijk in het Roergebied gewerkt. Hij zegt: „Nou komme de Dútsers nei Brantgum, út Oberhausen wei. Ik praet wol ris mei narren.”

De mobilisatie van '14-'18 bracht hij door in Amersfoort en in wat plaatsen in Brabant. Hij werkte toen al weer in Friesland, bij een voorman in Ternaard. Hij moest van het land zo naar Amersfoort. Hij was onder meer officiersoppas. Dat betekende, dat hij op de paarden moest passen en de schoenen en kleren van de officieren moest schoonhouden.

● *Ploegje*

Na de oorlog kwam hij weer bij de boer. Hij trouwde toen met Bette van der Mei. Ze kregen drie zoons: Tsjipke (54), die in Dokkum woont, Meint en Bertus. Bertus is 44, en woont in Brantgum. Meint is onlangs op vijftigjarige leeftijd overleden. Er zijn nu acht kleinkinderen, van wie er drie Rienk heten. „Ien fan myn pakesizzers is ek wer mei in Rienk trouw.”

Toen hij trouwde verdiende hij vierentwintig gulden in de week. „Ik koe omraek ploegje. Ik hie doe wurk by Easterwierrum. Der moast ik greide-skuorre. Moandaitomoarns op de fyts derhinne en oan de ein fan de wike werom.” In die tijd deed hij ook eens mee aan een ploegwedstrijd, georganiseerd door de Friese Mij. Uit negentien man won hij de tweede prijs: twee rijksdaalders.

„Jierrenlang ha ik fêst arbeider west. By boeren yn Moarre en Ie, en hjirre yn Brantgum. Nei de lêste oarloch bin ik foar mysels bigoun. Net mei eigen lân, nwant greide koe ik net krije. Ik huerde it. Ik ha krekt salang wurke, dat ik acht pounsmiet to pakken hie. Op it lêst koe ik fjouwer kij hâlde. Ik ha it gers en it hea byelkoar skarrele op wâllen en pôllen en sportterreinen. Alles ophelle mei de harke.”

„Myn âlde lju hienen fiif bern. Us heit wie moarns al sa bitiid fuort en jouns sa let wer thús, dat er syn bern allinne sneintomoarns seach. Hy fortsjinne in ryksdaelder yn 'e wike. Sjoch, sa hawwe se it kommunisme bifoardere. Ik wie mei achttjin jier al by it soasjalisme. Wy gongen nei de plakken, dêr't Piter Jelles spruts. Dat wie ús forlosser, hear. Ik wie doe achttjin en seach it ek donders goed yn.”

● *Nei Wierum*

Propaganda maken voor het socialisme viel vooral in de Dongeradelen in die tijd niet mee. „Wy makken dan optochten op de fytsen op ien maeije nei Holwerd ta. En doe gongen wy ris nei Wierum om dêrre propaganda to meitsjen foar de SDAP. Nou, se stienen ús mei carappelgripen op to wachtsjen op de brêge. Mar wy wienen net binaud, wy hienen it der foar oer. En der is fierders ek neat foarfallen.”

Jarenlang is Rienk Woudwijk aangesloten geweest bij de landarbeidersbond, de coöperatie, de Bond voor staatspensionering, en ook bij de hervormde kerk, waarvan hij kerkvoogd en notabel is geweest. En tot op de dag van vandaag is hij lid van de Partij van de Arbeid.

Kwalen heeft hij niet, en dat komt volgens zijn rotsvaste overtuiging van zijn speciale medicijn: een „goatsje Beerenburch”, aangevuld met kokend water, en zijn dagelijkse pruim Drachtster Kei. „As ik dat misse moast, hie ik neat mear,” zegt hij. Rienk Woudwijk blijft tegenwoordig wat meer bij de vrouw thuis. „Ik kin ek al omraek skûtelwaskje. Dat ha ik nou ek leard.”